



# Skikky



Dizze Skikky is fan: \_\_\_\_\_





## Keunst

Der binne in protte soarten keunst. De bekendste binne skilderje en byldhouwe. Mar ek dûns, muzyk, fotografy en it skriuwen fan gedichten en ferhalen is keunst. In protte minsken hâlde fan keunst. Se sjogge nei skilderijen yn in museum, harkje nei muzyk op de I-pod of lêze in moai boek. Noch moaier is it om sels keunst te meitsjen.

Elkenien kin it. Der is gjin keunst oan. Der binne genôch beropsskilders, -skriuwers, -dûnsers en -fotografen yn ús lân. Dy ferkeapje har produkt, omdat oaren it moai fine. En tink ris oan alle muzikanten op You-Tube. Guon minsken wurde mei harren keunst hiel ferneamd (beroemd).

### Opdracht:

Wêr heart it by? Set de wurden op it goede plak. Kies út: **ballet, portret, ferhaal, lânskip, wals, gedicht, stilleven, hip hop, toanielstik, tango, abstrakt** en **artikel**.

Skilderje

Skriuwe

Dûnsje


_____	_____	_____
_____	_____	_____
_____	_____	_____
_____	_____	_____





**Opdracht 1.**

Op 'e pau komme wurden fan 6 letters. De lêste letter fan elk wurd stiet op syn búk. Sjoch nei de plaatsjes en skriuw de wurden goed op.



**Opdracht 2.**

Skriuw alle wurden noch in kear op. De wurden dy't yn it Nederlânsk en it Frysk gelyk skreaun wurde komme yn de earste rij. De wurden dy 't yn it Frysk oars skreaun wurde komme yn 'e twadde.



## De reinbôge

It ljocht fan 'e sinne is faak giel of wyt. Mar yn it sinneljocht sitte mear kleuren. Dy kleuren kinst sjen yn in reinbôge.


In reinbôge is in bôge fan reindruppels. As de sinne troch reinwetter skynt, kin it ljocht brekke. Der komme dan sân kleuren foar it ljocht. It binne read, oranje, giel, grien, blau, indigo (roze) en fiolet (pears). Kinst dizze kleuren ûnthâlde mei dit ezelsbrechje: ROGGebrea Is Fiis.

In reinbôge is rûn. Ast op 'e grûn stiest sjochst faak mar de helte. Fanút in fleantúch kinst soms de hiele sirkel sjen.

Soms sizze minsken dat oan 'e ein fan de reinbôge in pot mei goud stiet. Mar dat is in mearke (spreekje).

### Opdracht 1.

Tekenje sels in reinbôge. Set de kleuren op it goede plak. Meitsje de tekening fierder ôf.






## Skiednis 6 keunst

Der binne ferskillende soarten skilderkeunst. Der kin ferskil wêze yn materiaal, technyk en ûnderwerp. It materiaal is it guod wat de skilder brûkt om mei te skilderjen, syn kwasten en ferve. De technyk is de manier wêrop as de skilder skilderet. Dat kin hiel sekuer wêze, mar ek hiel rûch. En it ûnderwerp is

it plaatsje wat de skilder makket. De ûnderwerpen dy't it faakst keazen wurde binne: portret, lânskip, stilleven en abstrakt. Nederlân hat altyd hiel bekende keunstschilders hân. Tink oan Rembrandt van Rijn en Vincent van Gogh. Yn Fryslân is Jopie Huisman hiel ferneamd. Hy hat yn Warkum in eigen museum.

**Opdracht 1.**

Sels keunst meitsje is gjin keunst. Tekenje yn dizze list twa grutte sirkels. Dêr oerhinne makkest trije fjouwerkanten. As lêste tekenest fjouwer trijehoeken. Sa ûntsteane allegear flakken. Kleurje elk flak moai op. Sa ûntstiet in abstrakt skilderij.





### Krúswurdpuzel

Yn de puzel sitte dizze wurden twa kear:


**swart, trein en arkje.**

Kinsto se op it goede plak sette?

Yn dizze puzel sitte: **earen, ferve en ruter.**

1		2		3
2				
3				

1		2		3
2				
3				



### Sudoku

Yn dizze sudoku brûkst de sifers 1 oant en mei 6.

Se sitte yn elke kolom, rigel en yn elk hok

3				6	
		4			
				3	2
	2	1			4
	3		1		